


Freed 22 febrewaris 2003
spilet it toanielselskip "Fuort Mar Los" it stik:

"Sa fêst as in hûs"

yn: Kafee Bergsma
om: 19.00 oere
Tagong: 1.00 euro

"Sa fêst as in hûs"



programma
aldereintchazen

Utfiering fan 'Fuort Mar Los'

EASTEREIN – Toanielselskip
'Fuort Mar Los' út Easterein hâldt
op freed 19.00 oere en sneon om
20.00 oere har jierlikse útfiering
yn Kafee Bergsma yn Easterein.

Dit jier spilet 'Fuort Mar Los' it stik
'Sa fêst as in hûs', in blijspul yn
trije bedriuwen, skreaun troch Pyt
de Vries. De freedtejûn is ornearre
foar de skoalbern, sneon is de
premiêre foar eltsenien dy't fan
toaniel hâldt. Beide jûnen fine plak
yn 'e grutte seal fan Bergsma.

Fuort Mar Los

Easterein – Op freed 7 febrewaris
en sneon 8 febrewaris hâldt 'Fuort
Mar Los' út Easterein har jierlikse
útfiering. It stik dat dit jier spile
wurdt, is in blijspul yn trije bedriu-
wen mei as namme 'Sa fêst as in
hûs' skreaun troch Pyt de Vries. De
freedtejûn is ornearre foar de sko-
albern en de sneontejûn is de pre-
miêre foar eltsenien dy't fan toaniel
hâldt. Beide jûnen wurde holden
yn kafee Bergsma.

op 'e stille '03

Sneker Nieuwsblad '03

"Sa fêst as in hûs"

De jonge studint Floris is de soan fan in ienfâldige hantwurksman Teake Kleiterp en syn frou Minke. Hy wennet allinnich yn in âld studinten hûs. De boel leit der frjemd hinne, want Floris ferdocht gjin tiid oan de húshâlding.

Lokkigernôch wurdt hy daagliks bystien troch de buorlju: Buorman Bjinze en buorfrou Gaatske.

Tige meilibjende buorlju, want fan alles wat der by Floris bart ûntgiet harren neat. Spontaan biede hja help.

No stiet Floris op 't punt fan trouwen mei Bea, de dochter fan de sakeman Gerold en syn frou Gertrude.

Foar de brulloft moat fansels hiel wat regele wurde. Om alle saken goed troch te rinnen ha de âlders fan wjerskanten mei Bea ôfsprutsen om nei it hûs fan Floris te kommen. Om de gasten te ûntfangen sil der wol flink opromme wurde moatte....

Floris hiert in famke fan it útstjoerburo om de boel te rakken.

Sa is der wer in probleem minder foar Floris.

Mar spitigernôch lost it húshimmeljen net allinnich problemen op, mar besoarget se Floris ek...

programma hûs oan hûs
2003

2003

Op freed 7 febrewaris en sneon 8 febrewaris 2003 hâldt

"Fuort Mar Los", har jierlikse útfiering.

It stik dat dit jier spile wurdt, is in blijspul yn trije bedriuwen, mei as namme: *"Sa fêst as in hûs"*, skreaun troch Pyt de Vries.

De freedtejûn is ornearre foar de skoalbern, dy jûn begjint om 19.00 oere (entree 1.00euro).

Sneon 8 febrewaris om 20.00 oere is de premiêre foar eltsenien dy't fan toaniel hâldt (entree 6.00euro).

Beide jûnen sille hâlden wurde yn 'e grutte seal fan Kafee Bergsma te Easterein.

De spilers yn dat toanielstik binne;

Durk-Rein Lolkema

Lysbeth Huitema

Jeannette Wup

Berend Santema

Rigt Bergsma

Bauke Overal

Greet Bouma

Guus Zijlstra

& Corry Dijkstra

Mei Jan Olthof as spulieder en Geertje Harkema as ynstekster.

Skriuw it mar fêst op 'e kalinder, sadat jimme it net ferjitte kinne, Oant sjen....

It bestjoer

doarpskrante

AGINDA	
25 jannewaris: Mantgum, De Wjukken, Hessel van der Wal mei 'Met frisse weemoed' (20.00 oere)	3-15 febrewaris: Wommels, It Dielshûs, biljarttoernooi Littenseradiel
25 jannewaris: Easterein, kafee Bergsma, konsert Wilhelmina (20.00 oere)	7 febrewaris: Easterein, kafee Bergsma, útfiering Fuort Mar Los, foar skoalbern (20.00 oere)
25 jannewaris: Nijlân, De mande, Lytske Aaipop (19.30 oere)	8 febrewaris: Easterein, kafee Bergsma, útfiering Fuort Mar Los (20.00 oere)
25 jannewaris: Wommels, It Dielshûs, Watergate Scandals (22.00 oere)	10 febrewaris: Wommels, It Dielshûs, EHBO-reanimaasjeles (19.30 oere)
1 febrewaris: Weidum, Doarpsûs, Rock Rock (22.00 oere)	13 febrewaris: Wommels, It Dielshûs, plattelânsfroulju (19.45 oere)
1 febrewaris: Britswert, Us Honk Kabaret Klún en Knoffelhakke (20.30 oere)	Foar opjefte foar de aginda: Op 'e Skille, 't Noard 2, 8731 BB Wommels


op 'e skille '03

begjint om 19.00 oere.
De oare deis is om 20.00 oere de premiêre foar eltsenien dy't fan toaniel hâldt. Beide jûnen binne yn de grutte seal fan Kafee Bergsma te Easterein.


Jierlikse stik fan Fuort Mar Los
is skreaun troch Pyt de Vries. De freedtejûn is ornearre foar de skoalbern en dy jûn

EASTEREIN - Fuort Mar Los
út Easterein hâldt op freed 7 febrewaris en sneon 8 febrewaris har jierlikse útfiering. It stik dat dit jier spile wurdt is in blijspul yn trije bedriuwen mei as namme 'Sa fêst as in hûs'. It

wjld & zgd '03



Keanne Lape sit op swart sied



programma hús oan hús
febrewaris 2004

It toanielselskip "Fuort Mar Los" fan Easterein,
wol graach foar jim spylje it stik;

"Klamme Lape sit op swart sied"

In blijspul yn fjouwer bedriuwen,
fan Aris Bremen (Fryske oersetting Alle G. Hof).

Wy spylje it stik op sneon 21 febrewaris 2004,
yn seal Bergsma te Easterein.

Klamme Lape sit op swart sied.

Dit blijspul spilet sich ôf op it hiem fan it brekfallige pleatske fan Klamme Lape. Hy hat al hast in jier ferkearing mei Gepke Tateblom, mar Klamme hat net echt kribels yn 't liif fan har, en dêrom ferbrekt Gepke de relaasje.

Net dat Klamme dit no sa'n grut probleem fynt, want hy hat mear de kribels foar Polleke fan de Platgat, syn help foar heale dagen... Nee, it probleem is dat Gepke it jild, wat se him liend hat, fuortdaliks werom hawwe wol. Dêrtroch sit Klamme Lape op swart sied.

Om de skulden betelje te kinnen, begjint Klamme Lape neist syn buorkerij in minicamping, dy 't er de tapaslike namme "Swart sied" jout. De campinggasten Simon Mud en Wipkje, Mintsje de Wilde en Hillebrant Berkenbosk, jouwe oan dat swarte sied sa harren eigen betsjutting. Se hawwe der alles foar oer om dat swarte sied yn harren besit te krijen.

En dat komt Klamme yn syn kream te pas. Hy is dochs al net sa wei fan arbeidzjen...

Sels krûpt er yn 't hea om it hea op te broeien, en lit syn gasten dan it wurk dwaan troch harren te beloven dat sy allegear swart sied krije sille.

Hoe 't it swarte sied eltsenien úteinlik ta wanhoop bringt, sadat se oan 'e ein fan dit blijspul gjin swart sied mear sjen kinne, Skrasse Kee, it kuierjend nijsblêd fan 't doarp is der tsjûge fan...

Sy sil yn it doarp fertelle moatte dat it allegearre krekt eefkes oars wie, dan dat sy earder ferteld hie...

Hoe as wat?? Troch te sjen en te lústerjen nei it stik "Klamme Lape sit op swart sied" witte jo it ek.

(A.V.T)

Ynljochtings by Guus Zijlstra, tillefoan: (0515) 33 18 01

Fuort Mar Los....

Op freed 20 febrewaris en sneon 21 febrewaris 2004 hâldt "Fuort Mar Los", har jierlikse útfiering. It stik dat dit jier spile wurdt, is in blijspul yn fjouwer bedriuwen, mei as namme; "Klamme lape sit op swart sied", skreaun troch Aris Bremen (Fryske oersetting Alle G. Hof). de freedtejûn is ornearre foar de skoalbern, dy jûn begjint om 19.00 oere Sneon 21 febrewaris om 20.00 oere is de premiêre foar eltsenien dy't fan toaniel hâldt. Beide jûnen sille hâlden wurde yn é grutte seal fan kafee Bergsma te Easterein.

De spilers yn dat toanielstik binne:

Cees Witteveen
Lysbeth Huitema
Fokje v/d Veen
Corry Dijkstra
Berend Santema
Akke Veldman
Rigt Bergsma
& Durk -Rein Lolkema

Te praat komme: Moskis, de boarre



Sobke, de geit
Meunster, de bok



Mei Jan Olthof as spullieder en Greet Bouma as ynstekster.

Skriuw it mar fêst op é kalinder, sadat jimme it net ferjitte kinne, oant sjen...

It bestjoer.

.....
doarpskrante

Requisieten lyt "Klamme lape"

Programma fan it útstapke fan de toanielploech; parodie op it stik

KLAMME LAPE GIET TE STAPPEN

In blijspul yn trije bedriuwen.

fan

Tonielselskip "Fuort mar los".

08 -05 -04

Oanfang: 16.00 oere by café Bergsma Easterein

Persoanen:

Klamme Lape	grutboer	Cees Witteveen
Polleke fan de Platgat	syn faam	Liesbet Huitema
Gepke Tateblom	syn earne buorfrou	Fokje van der Veen
Skrasse Kee	kuierjend nijsblêd	Corry Dykstra
Simon Mud	ex- bajesklant	Berend Santema
Drs. Mintsje de Wilde	eigenaresse natoercamping	Rigt Bergsma
Hillebrant	bioloog	Durk Rein Lolkema
Wipkje	ferloofde fan Hillebrant	Akke Veldman

Te praat komme:	Moksis	de boarre
	Sobke	de geit
	Meunster	de bok

Regie: Jan Oldhof

Ynstekster Greet Bouma

1^{ste} bedriuw spilet sich ôf underweis nei Drachten

2^{de} bedriuw spilet sich ôf ûnder in drankje en wat iten

Skoft (rinde nei de Lawei)

3^{de} bedriuw spilet sich ôf tidens de foarstelling "Met grote blijdschap"

De tagong is fergees, mar nim wol in beurs mei, want de drankjes binne foar eigen rekken.

Oan't sjen!!!!!!!

Betizing om in Gryk

De leafde giet net altyd oer roazen, de fernimt Neeltsje, de dochter fan in fabrikant fan boerejonges ek...

Se is fereale op Klaas, de postrinder. Heit Durk van Houten en mem Dieuwke binne hjir poer op tsjin, om't sy foar harren dochter in bettere partij hawwe wolle..

Neeltsje is lykwols fan doel om har eigen sin te dwaan.

Sy sjocht har kâns skjin, as der in brief fan in rezine-eksporteur út Grikelân komt.

Har âlders fine de Gryk in goede partij en wolle Neeltsje wol oan him keppelje.

Tegearre mei Klaas, beslút Neeltsje dan dochs mar om it har heit en mem nei de sin te meitsjen.

It pakt lykwols wol wat oars út dan dat har âlders ferwachte hiene, sels Neeltsje hie net tocht dat it sa rinne soe....

Lokkigernôch komt mei de help fan liif-arts Limmi alles dochs noch ta in goed ein...

(A.V.T.)